

Sertifisearring Sûnenz



Sûnenz is in ynysjatyf dat einliks allinne mar yn'e Wâlden ûntstean koe. Sûnenz is Sûnens-soarch oars as oars en dat past krekt by De Wâlden en de Wâldpyk. Bûten de doaze (out of the box) tinken levere hjir de 1,5 lyns-soarch op.

~Sûnenz giet folle fierder.

Yn fjouwer thema's mei de dêrby oanslútende themapleinen doch Sûnenz der alles oan om âlder wurdende minsken te helpen om sûn te wêzen en sa mooglik te bliuwen en sa lang mooglik fan in selsstannich libben te genietsjen. Dat docht Sûnenz net allinne troch medyske stipe te bieden mar te soargjen foar fertier, ferdivedaasje en gesellichhyd.

It totaalkonsept springt der sa út dat dat op himsels al sertifisearre wurde kin mei it Streekkarmerk Wâldpyk.



Gezondheidsplein



Winkelplein



Horecaplein



Vitaliteitsplein

Hjirboppe: De fjouwer themapleinen

Binnen dit konsept sitte foar de Streekeigenhyd yn Sûnenz ek noch twa eleminten dy't der boppenút springe.

~Horeca

Yn de Horeca-ôfdieling wurdt wurke op basis fan de prinsipes fan de 'Nieuwe Nederlandse Keuken', it konsept fan SVH Meesterkok Albert Kooy. Hjirynd wurdt sa folle mooglik gebrûk makke fan goede en earlike en leafst biologyske produkten út de regio. Dit is fansels ek krekt wat Wâldpyk neistribbet.

~Winkel

Yn de 'Versmarkt Sûnenz' binne sa folle mooglik biologyske en yn de Streek of de regio produsearre produkten te keap. Minsken kinne sa yn ien rit wei de oankeapen dwaan dy't oan de basis steane fan echte sûnens.

~Langste tafel yn Sûnenz

Yn it ramt fan de 'Week van de Smaak' en de 'Week tegen Eenzaamheid' wurdt op freed 3 oktober yn Sûnenz in 'langste tafel' organisearre:

'Mei safolle mooglik minsken aan tafel om gesellich meiinoar in miel te iten'.

En it thema is: Wâldbeantsjes op dyn board.

It doel is om 700 misken fan in Wâldbeantsjemiel genietsje te litten.

Der binne net maklik produkten te betinken dy't mear streekeigen binne dan krekt Giele Wâldbeantsjes.

Al mei al is dit in prachtige gelegenheid om Sûnenz te sertifisearjen mei it Streekkarmerk Wâldpyk!

Sûnenz

Burgemeester Wuiteweg 140b

9203 KP Drachten

info@sunenz.nl

Telefoon: 0512 - 35 93 80



Kwaliteit uit De Friese Wouden